

Hurdhout

útbrocht op de Aaipop-CD

kearsang: D7 G
hurd, hurd, hurd, hurdhout B7 Em
..... D7 G
foar de handel is it goud B7 Em

it oerwoud yn de tropen Em A C
dat hat al sa lang bestien Em A C
mar wy sil it no wol efkes slope Em A C
ja, de helt is sawat al dien B7
lit dy bosken mar ferdwine Em A C
mei yndianen en bisteguod Em A C
wy wolle pûrbêste kezinen Em A C
en ús foardoar fan meranti kin net kapot B7 Em

kearsang:

guon minsken wolle dat ferbiede
roppe: kapje gjin beammen mear!
mar it bêste hout op ierde
leit dêr samar foar ús klear
en wat is sok hout dochs djoer
dat's foar de wrâld in hiele treast
wy hâld' in bult fan de natoer
mar fan jildfertsjinjen hâlde wy noch it meast kearsang:

de natoer wurdt in wylde rotsoai
as de minske der net op past
en wy ferwurkje, is't gjin wûnder
sa'n rûge beam ta in kreaze kast
ja, minsken meitsje moaie dingen
wy hawwe de natoer oerwûn
en as wy sok skoander hout net brûke
leit it aanst dochs mar wat te rotsjen oer de grûnkearsang:

hurdhout kin wy net sûnder
al fine guon dat noch sa raar
mar mahoany en pallisander
binne brûkt foar myn gitaar
de rêdders fan it oerwoud
hawwe dêr grif net op sind
mar sûnder't brûken fan tropysk hurdhout
hie ik dit liet net iens begeliede kind kearsang: